

D.A. Tamminga: "Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer". Grins (1985), Stifting FFYRUG, Estrik LXVII, V + 140 siden.

Kantekers binne stikken yn sammele fan tusken 1962 en 1984, mei de klam op 'e santiger en begjin tachtiger jierren. De literêre stikken wurde yn dit koarte besprek net achtslein.

It binne almeast koarte stikken. Dat makket dat it boek him maklik lêze lit, mar dat it net sa maklik is om der wat bestekliks oer te skriuwen. Alle stikken geane oer ien probleem(ke), dat in reade tried is der net en elk stik apart hifkje is gjin beginnensein oan.

De Tamminga fan 'e twa dielen Op 'e taelhelling fynt men yn Kantekers werom. Nei oanlieding fan fragen en eigen waarnimmingsen wurdt yn 'e regel in foech wurdstiddzje makke. Punten fan omtinken binne steefêst: sprieding, betsjutting en betsjuttingsferskaat, gebrûk, komôf, gearstallingen en ôfliedingen. Gauris komt ek de ferhâlding skreaune taal - sprutsen taal op it aljemint en fansels de fraach wat yn in konkreet gefal it "goede" c.q. "geve" Frysk is of wêze kin. Wat ek itselde bleaun is, is de swier te fertarren styl, dy't in aard fan retoryk ynhat. It skaaimerke dêrfan is de werhelling. Sa komt men ek yn Kantekers wer in kear as wat ús "ut 'e dyk dolde Fries" tsjin en wurdt de taal wer mei moai wat, yn 'e regel agrarysk, idioom ophege. Fansels, mei de ynhâld hat soks net it measte te krijen, mar it makket it lêzen soms ta in moedsum kerwei en it kin foar itselde jild oars. Aldergeloks wurdt de skoalmasterstoan net al te faak oansein. In sterk elemint fan werhelling sit ek yn it stik "De skriuwtafel gjin snijtafel. Oer amputaasje fan tiidwurdfoarmen" (s. 121-123) dat oan 'e foarbyldsinnen ta o sa'n soad hat fan it stik "Ofbroazeljende tiidwurdfoarmen" út Op 'e taelhelling I, s. 145-148, al liket Tamminga dêr wat ynskikliker te wêzen.

It Frysk wurdt meastal mei it Nederlânsk ferlike, wylst it ek altyd yn in histoarysk perspektyf set wurdt. Etymologysk giet it noait fierder tebek as it Aldfrysk en

Middelnerlânsk, mei in berop op "de tsjinwurdige etymologen". At it giet om taaldingen út 'e njoggentjinde ieu of út Gysbert Japiks syn tiid, is Tamminga my bytiden fierste wis. Wy kinne dêr sa'n bytsje fan witte dat men der amper útspraken oer dwaan kin. Feroaringen yn it Frysk kinne troch twa dingen har beslach krije: ynterne ûntjouwing, stipe troch analogy, dy "foarmkrêft fan wûnder en geweld", mar fierwei it meast troch ynfloed fan en ûntliening oan it Nederlânsk.

Tamminga stiet dus kleardernôch yn in beskate tradysje; yn dat ramt komt it jin allegearre oan as deeglik fakwurk. Wat jin by de wat langere en dregere stikken opfalt, is it folslein missen fan wat ik dan mar neam de teoretyske komponint. De taalfeiten wurde sammele, skifte en fan kommintaar foarsjoen, en dêr is it mei út. Wylst krekt de wikselwurking tusken taalbeskriuwing en teoretisearjen sa fruchtber is: nije feiten kinne de teory foarút helpe en de teory kin jin op feiten yndachtich meitsje dy't jin oars gewoanwei ûntkomme soenen. In fer-skyinsel/ding wurdt lykwols earst in feit yn in beskaat teoretysk ramt. Dêrom is de teory der yn Tamminga syn wurk fansels ek wol, mar net mei safolle wurden en hy is wat ferâldere.

Lit my ris wat kreker oanjaan wat ik bedoel. Op side 133 neamt Tamminga in stikmannich meiinoar besibbe wurden op, it iene is hieltyd in it-wurd, it oare in de-wurd dat útgiet op in stomme -e, bgl. it sou - de souwe. Yn 'e morfologyske teory wurdt der op 't stuit moai algemien fan útgongen dat in gearstald wurd in haad hat dat û.o. genus en wurdsoarte beskiedt. Yn it Frysk is it rjochterlid fan in nominale gearsetting it haad en it suffiks is dat fan in ôflieding sa't oan 'e neifolgjende foarbylden te sjen is:

it fjild
de sport

it sportfjild
de fjildsport

sûker (haadwurd)
grien (eigenskipswurd)
heechop (bywurd)

sûkerich (eigenskipswurd)
grienich (eigenskipswurd)
heechoppich (eigensk.wurd)

Op grûn fan 'e teory en de feiten soenen jo no de -e fan

bgl. souwe syngroan ek as in suffiks beskôgje kinne dat as haad it lidwurd beskiedt, want alle haadwurden op -e binne de-wurden. Ik sis net dat it sa is, dêr soe mear bewiis foar bybrocht wurde moatte. Problematysk liket my ta, dat yn it ferlytsingswurd souke de -e ôffallen is, wat foar wiere suffiksen net sa goed mooglik liket te wêzen omdat der dan nochal wat ynformaasje weirekkt. Yn it stik "Binne wi-praters allinne Wâldtsjers" (s.129-131) wurdt it ferskynsel enklize ek net set yn it ramt fan 'e wiidweidige en yngeande bestudearring dêrfan dy't op 't heden geande is.

Ticht by de saneamde feiten bliuwe is tink wol feilich, mar wat mear teory kin it eachweid tige ferromje. Ik leau net, dat it Tamminga kwea ôf te nimmen is dat er dy mear teoretyske oriïntaasje net hat; as "bern fan syn tiid" hat Tamminga wichtich wurk dien. Tagelyk hoopje ik dat yn 'e frisistyk nije wegen ynslein wurde sille en dat stikken lykas dy yn Kantekers inkel noch skreaun wurde sille foar it ûnder de minsken bringen fan taal(eigen)-aardichheden en -problemen, mar net as bydragen ta in wittenskiplike, hjoeddeiske bestudearring fan it Frysk. It mar oan en mar wei sammeljen hat yn 'e frisistyk al te lang foar heechste wiisheid gongen.

Om dit besprek net al te lang te meitsjen, woe ik noch in pear dinkjes koart bylâns.

s.66: it liket my net botte oannimlik ta dat wy yn bgl. beamker mei in suffiks -ker te dwaan hawwe. Tamminga giet út fan in ferbale útgong -kje yn beamkje en kritisearret Sytstra/Hof dy't úthâlde dat -k- dêr in "aanhechting" oan it grûnwurd is. It liket my ta dat Tamminga S/H net goed lêzen hat. Dêryn stiet op s. 125 dat de skriuwers sa'n -k- "niet als wijziging(en) van den uitgang, doch als wijziging(en) van den stam" beskôgje, want -k- bliuwt oan 'e stam ferbûn yn 'e bûging (ik beamkje, beamke, haw beamke) en ek by ge-ôflieding gebeamk. De stam beamk is dus fia nul-derivaasje ôflaat fan it haadwurd beam en hat dêrby it "formans" -k- derby krigen. De syngroane status fan dy -k- giet it hjir net om. Fan dyselde stam beamk is it nomen agentis beamker ôflaat. Wy sitte dan yn 'e produktive hoeke fan 'e taalsystematyk. Dy

seldsume foarmingjen fan patronymika op grûn fan in plaknamme + ker, bgl. Blesker, dogge oan it boppesteande neat ôf. Mooglik is in wurd as beam+er ek wolris opfette as beam+ker, mar bot wreide hat dat net. It soe wêze kinne dat dit allegear ek nij ljocht smyt op it efterheaksel -tsjer.

- s.78: it liket der dus op dat syngroan petear(je) opfette wurdt as in denominatyf fan petear.
- s.85: giet it by bgl. piip c.a. om fertichting fan betsjutting? It liket my oannimliker ta dat der ien konsept 'piip' is dat op ferskillende dingen tapast wurde koe en sa in spesifikere betsjutting krige. Piip achtsje ik gjin fertichting fan fabrykspiip, mar it lêste in spesifisearring fan it earste abstrakte begryp.
- s.95/96: de beneaming ferbiningslûd is wat misliedend. Sa'n -s- heart ntl. klearder noch by it earste lid fan 'e gearsetting, lykas oan it ûndersteande bliken docht:
- hoks- en keamersdoarren
*hok- en keamersdoarren
ferlykje ek: bije- en miggebiten
*bij- en miggebiten
- s.126: soenen heity en memmy har einlûd "skipe hawwe fan it Hollânsk"? Dat sa'n losse -y liend wurdt, liket my nuver ta.
- s.138: is dat in foarm fan ûntlienen oan in oare taal, inkel it lûd oernimme? Hoe kin beuke in Frysk wurd mei oernommen eu-lûd wêze, at dêrnjonken yn it Frysk bûkje/bûtse stiet? En hoe sit it mei beurt neist bar? Jo kinne feiliger en better útgean fan wurdoernimming.

Amsterdam, 5 augustus 1986

W. Visser